

JIERFERSLACH SKRIUWER IISKLUP ORANJEWÂLD SEIZOEN 2010-2011

It ôfrûne seizoen ha wy foar de tredde kear op 'e rige de iisbaan iepenstelle kinnen. De hiele moanne desimber 2010 wie it winterwaar. Al op de jiergearkomste fan 24 novimber 2010 koene wy op grûn fan de waarsferwachtings de hope útsprekke, dat yn 't begjin fan desimber de redens miskien ut fet koene. Yn de nacht fan 26 op 27 novimber is de iisbaan ticht ferzen, mar noch net sterk genoch. De froast sette troch en op 1 desimber, in tige kalde dei troch de wyn ut it easten, binne de tariedings troffen (pleatsen keet en kontener, it ynslaan fan de koeke- en sopyguod en it ynstalearen fan de ferljochting en it lûd) om de folgjende dei, 2 desimber, yndied de 'doarren' te iepenjen. It iis is dan sa'n 9 sm dik.

Spiternôch is de iiswille dan wer fluch foarby, want sneon 4 desimber begjint it oan it ein fan de middei fûleindich te snijen. De grutte poarsjes snie binne ûnfoldwaande fuort te krijen en boppedat is it oerdei teiwaar. Yn 'e nacht friest it in bytsje, wêrtroch it iis net sterk genôch bliuwt, mar ek fierstene te gefaarlik troch de skerpe plakken, troch teide en dêrnei wer berferzen sniehopen/richels.

Yn it wykein fan 10 o/m 12 desimber teit it dan lokkich sa slim, sawol oerdei as nachts, dat de iisbaan sawat wer flak is. Fanôf tongersdei 16 desimber komt de froast wer werom en kin de iisbaan op sneon 18 desimber wer iepen. Oan't en mei tongersdei 30 desimber, dus de hiele Krystfekânsje lang, kin der dan else dei riden wurde. Dy nacht begjint it te teien (foargoed dit winterskoff) en is it hast ôfrûn mei de iiswille. Hast, omdat op de leste dei fan it jier noch krekt oan de râne fan de baan it Kampioenskip Strykizer skowen fan Oranjewâld organisearre wurde kin.

De froastperioade yn desimber besjutte, dat de iisbaan yn 't kalinderjier 2011 hast trije moanne (mei tuskenpoazen) iepen west hat, dat frege in foarse ynset fan Bestjoer en frijwilligers.

Yn de moannen september/oktober 2010 binnen fêste ferljochtingspeallen pleatst en de bekabeling foar ljocht en lûd yngroeven en oansletten. De winter oerfoel it Bestjoer dan ek wol wat; alles wie dus noch net hielendal klear (û.o. it lûd), mar dochs ha wy yn it winterskoff al gebrûk meitsje kinnen fan dizze nije foarsjenning. Op grûn fan de ervarings sille noch in tol oanpassings plakfine en sille de restearjende wurksumheden de kommende ferslachperioade (foar de winter fan 2011-2012) syn beslach krije.

Troch de snelle ynfal fan de winter mei in protte snie, ek yn de rest fan Jeropa, koe de troch us bestelde snieblazer troch de grutte fraach spitichgenoch net op tiid oanlevere wurde.

Op 1 jannewaris 2011 wie it ledental 630. Yn desimber 2010 kamen der noch 60 nije leden by.

Yn dit ferslachjier (1-10-2010 oan't 1-10-2011) is troch it bestjoer twa kear regulier fergadere. Dêrneist ha der in tal ynformele gearkomsten fan it bestjoer plak fûn.

Op 24 novimber 2010 waard de jiergearkomste hâlden. Neist it folsleine bestjoer wiene 8 leden oanwêzich. Konform it roaster fan ôftreden stelden de hearen Van der Zee en Holtrop harren sit yn 't bestjoer beskikber. Beide wiene op en nij werkiesber en waarden sûnder tsjinkandidaten werbeneamd.

Yn oktober 2010 kaam de jierlikse nijsbrief foar 't ljocht en waard ferspraat ûnder de leden. Troch dizze nijsbrief binne de leden û.o. op de hichte steld fan de moochlikheid om kaarten te bestellen foar it Wrâld Kampioenskip Sprint 2011 foar mannen en frouen en fan de datum en de lokaasje fan de jiergearkomste.

De skriuwer

J.E. de Boer

Oranjewâld, oktober 2011

Bestjoersgearstalling

<i>Foarsitter:</i>	Jaap van der Zee	Prins Bernhardweg 41 8453 XC Oranjewoud	Tillefoan: 0513-636505
<i>Skriuwer:</i>	Jan de Boer	Heidelaan 29A 8453 XG Oranjewoud	Tillefoan: 0513-681778 E-mail: info@ijscluboranjewoud.nl
<i>Ponghâlder:</i>	Henk Kok	Koningin Julianaweg 11 8443 DP Heerenveen	Telefoon: 0513-682072
<i>Lid/aktiviteiten:</i>	Joldert Holtrop	Koningin Wilhelminaweg 62 8453 WT Oranjewoud	Tillefoan: 0513-631312
<i>Lid/materialen/iismaster:</i>	Jan Oosterbaan	Tolhuisweg 7 8443 DT Heerenveen	Tillefoan: 0513-631585
<i>Lid/aktiviteiten:</i>	Marja Piek	Altenalaan 13 8443 EB Heerenveen	Tillefoan: 0513-633473
<i>Lid/aktiviteiten:</i>	Anny van Gosliga	Brouwerslaan 6 8443 EH Heerenveen	Tillefoan: 0513-633457
Roaster fan ôftreden:	2011 (ein fan seizoen 2010-2011) 2012 (ein fan seizoen 2011-2012) 2013 (ein fan seizoen 2012-2013)	- De Boer, Piek - Kok, Van Gosliga, Oosterbaan - Van der Zee, Holtrop	